[0280] 33. *Hy is op 'e fûle biroun.*

Dy't him op 'e wurdskiednis útleit, sil de forklearringen, dy't yn it foarige jown binne, al hoe bitroud dy yn it earstoan skine to wezen, ien foar ien hifkje moatte. Oars wankt it gefaer, dat er in flater fan syn foargonger(s) mei ham en gram oernimt. In learsum foarbyld is de útliz fan 'e sizwize `*hy is op 'e fûle biroun',* dy't wy yn 'e wurdboeken fan Joast Halbertsma en Waling Dykstra fine. De lêste skriuwt, alhiel wis fan himsels: „†f û l *e,* s. klip. - H y i s o p ' e f û l e b i r o a n, op de klip geloopen, heeft schipbreuk geleden" [2]). Wy kinne maklikernôch neigean, hwer't Waling-om dy wiisheit wei hat, hwant hy forwiist nei it *Lexicon Frisicum* fan Halbertsma. Op it oanhelle plak [3]) lêze wy by dûmny Joast: *,Hy is oppe fuwle biron,* Burman. 31. (Kil. *„vuyle.* j. *klippe*, scopulus")". It docht dus bliken, dat it Halbertsma wie, dy't *fuwle* út 'e midfryske sizwize mei *vuyle* i(d est) *klippe* by Kiliaan lykslein hat. Op it earste oansjen is der neat op dy oerienkomst ôf to tingjen. It *û*-lûd fan midfrysk *fuwle* en nijfrysk *fûle* strykt ommers mei de Hollânske *ui*, dy't him ornaris út in lange *û* ûntjown hat. En dochs leauwe wy, dat Halbertsma hjir de bal misslacht.

Lyk as de lêzer boppe al sjen koe, waerd de bidoelde útdrukking optekene yn 'e samling sprekwurden, dy't Burmania gearbrocht hat. It is dêrom saek en gean alderearst nei, hoe't de sizwize dêr krekt biskreaun stiet. It hânskrift fan 1614 hat as nûmer 503: *'Hij Is oppe fuwle biron*' [4]), yn 'e prlntinge fan 1641 fynt men: *'Hy is oppe fuwle biron'* [5]) en Gabbema jowt ús yn syn *Friesche Bywirden* noch: '*Hy iz oppe fwle byron'* [6]*).* Dy lêzingen ûntrinne inoarren allinne mar in

2) W. Dijkstra, *Friesch Woordenboek* I, Leeuwarden 1900, s. 435.
3) J. Halbertsma, *Lexicon Frisicum. A - Feer,* Hagae Comitis 1876, kol. 324.
4) *De twadde Jiergearkomste fen de Fryske Akademy,* Assen 1940, s. 147.
5) A. Feltsma, *Fryske Sprekwurden,* Estrik XI, Grins 1956, s. 40, lste kolom.
6) A. Feitsma, o.w., s. 40, 2de kolom.

kromke yn it stik fan 'e stavering en pleitsje yn earsten noch net tsjin J. Halbertsma en W. Dykstra har forklearring. De útlizzers hawwe der lykwols net op sind, dat der yn 'e selde boarne noch in sizwize foarkomt, dy't in soad op 'e niisneamde liket, to witten nûmer 541: *`Ia habbe him oppe fuwle beron'* [1]) (hs. fan 1614), *`Ja habbe him op fuwle beron'* [2]) (printinge fan 1641), *`ja habbe him op de fuule byronn'* [3]) (hs. Gabbema). Nei ús bitinken jowt it nou al gâns minder eigenskip, dat *fûle* gelyk is oan `klippe', hwant hwat soe „hja hawwe him op'e klippe biroun (of: bitrape)" winliken bitsjutte moatte?

Hwa't yn dizzen ta in útdragene saek komme wol, dy moat Franciscus Junius syn oantekeningen yn it ûndersyk bihelje. It sil bikend wêze, dat Gysbert Japiks de forneamde Junius yn it Frysk ûnderrjochte hat en by syn lessen û.o. ek gebrûk makke fan 'e printe sprekwurdesamling fan 1641. Hwat Junius dat oangeande skriftlik fêstlein hat, hie er út 'e mûle fan syn learmaster opheind. En hoe hat nou de Boalserter dichter him de sizwize fan nû. 541 fordútst? Dat wurde wy gewaer út 'e neikommende oantekening fan Junius: *`Ja habbe him op fuwle beron'*, sij hebben hem op de vuyle daed beloope*n* ofte betrapt' [4]). Wy meije feilich oannimme, dat G. Japiks de bitsjutting fan sprekwurden en sizwizen, dy't yn syn tiden folksriem wiene, goed oanfield hat. Yn alle gefallen kinne wy op syn útliz better to seil gean as op J. Halbertsma en W. Dykstra harres. Hiene de lêsten Junius syn neilitten pompieren trochsneupt, dan soene hja grif *fûle* net as `klippe' forklearre ha.

It sil nou klearrichheit hawwe, dat *fûle* by it eigenskipswurd *fûl* `smoarch, gemien, min, skandlik' heart en sadwaende mei 'fûlens, smoargens, gemienens' werjown wurde moat. It lit him forlykje, hwat de foarming oanbilanget, mei mnl. mhd. *vûle,* âhd. *fûlî,* nhd. *Fäule* `smoargens'; de hiele útdrukking kinne wy it bêst omskriuwe mei: „Hy is op in skelmstik (minne died, skandlik fyt) bitrape".

Sa sjocht men wer, dat men by de taelstúdzje jins foargongers op hakken en teannen neigean moat en gjin inkelde skeakel oerslaen mei.

1) *De twadde Jiergearkomste fen de Fryske Akademy*, s. 149.
2) A. Feitsma, o.w., s. 43, 1ste kolom.
3) A. Feitsma, o.w., s. 43, 2de kolom.
4) A. Feitsma, o.w., s. 95.